

Preek oer Filippiërs 4,6.7 (Drachten, 17 septimber 2006 (Fryske tsjinst))

Psalm 145 : 1, 3 en 6

L Hannelingen 16 : 16 – 34

Psalm 42: 4, 5 en 7

T Filippiërs 4 : 6 en 7

Psalm 62 : 4 en 5

Gesang 90 : 7 en 8 (nei belidenis fan it leauwe)

Gesang 470 (slútsang nei kollekte)

Gemeente fan 'e Heare Jezus, bruorren en susters,

In famke krige, doe't se fan 'e legere skoalle kaam, in nij bibeltsje. Yn dat bibeltsje woe se altiten de bibeltekst weromfine kinne, dy't se fan 'e haadmaster meikrigen hie as wurd foar it libben. Dêrom sette se mei in swarte filtstift in grutte punt op it goud op sneed by Filippiërs 4 fers 6: "Sit nearne oer yn noed, mar meitsje yn alles jimme winsken by God bekend, troch bidden en smeejen, mar noait sûnder Him tank te bringen", de tekst foar de preek fan fan 'e middei. Mar it famke hie der net om tocht dat de inkt fan dy filtstift fansels fuort en daliks troch it floeipapier fan har bibeltsje opsûge wurde soe. No't se in folwoeksen frommes wurden is, skammet se har noch altiten ta de teanen út dat se har bibeltsje sa fergriemd hat. Just de bledsiden dêr't se it measte fan hâldt sitte fol smoarge plakken.

Dochs fûn ik it wol by har passen: de tekst dy't de haadmaster foar har útsocht hie èn dy inkt dy't yn de bledsiden fan har bibeltsje lutsen is. Dy tekst, omdat ik dizze frou kennen leard haw as in minske dat oeral oer yn noed en soarch sitte kin. Oer hiele grutte dingen: bin ik wol in bern fan God, oer hiele lytse dingen: hoe komt it mei dit, hoe komt it mei dat. Master hie goed oanfield dat dit famke psychysk net sa sterk wie. Dêrom hat er har krekt dit wurd meijaan wold: "Sit mar nearne oer yn noed, fanke". Mar ek dy inkt dy't de bledsiden fan har Bibel bedoarn hat fûn ik eat symboalysk hawwen. Want sa't dy inkt yn it papier lutsen is, sa dit wurd yn har hert. It is in wurd wurden dêr't se altiten oan werom tinkt, as it har wer swart foar de eagen wurd. Dan heart se mar net de stimme fan master, mar fan de Heare God sels: "Sit mar nearne oer yn moed, myn fanke. Ik sil syn dyn hert en dyn tinken wol hoedzje en noedzje yn myn Soan, Kristus Jezus".

Sa moat ik wêze. Salang't dit wurd fan 'e apostel Paulus oan 'e Filippiërs net in plakje krigen hat yn jo hert, dan bliuwt it biedwurd. Jo hearre de keapman razen, mar tinke: "Sit nearne oer yn noed? Hâld dy leaver de harsens mei dyn domme geëamel. Do moast ris witte, wêr't ik allegear mei omtôgje". Do moast ris witte... Wa moat dat witte? Dy keapman? Dizze dûmny? Dyn psycholooch miskyn? De tekst dêr't de preek oer giet seit: "Meitsje yn alles

jimme winsken troch bidden en smeejen bij Gód bekend”. Mar as er in God is, dan wit Hy dat dochs al lang? Ja, mar net fan dy. En salang’t jo God der bûten hâlde, sil ik ek net tsjin jo sizze: “Sit mar nearne oar yn noed”.

Ik wit dat dit wurd lichtsinnich oer komme kin. Dat is it ek. Mar der sprekt gjin lichtsinnigens út fan it kaliber: “Kom op, jong, sit der mar net te bot oer yn, ienris skyt der wol wer in fûgeltsje dat no noch gjin dong hat”. Nee, dit wurd hat in geheim. It is hillige lichtsinnigens.

Ik ferkundigje jo fan ‘e middei it evangeelje ûnder it dit tema:

Hillige lichtsinnigens

1. it geheim,
2. de taal, en
3. de frucht fan dy hillige lichtsinnigens.

1. It is net om ‘e nocht dat Paulus krekt oan ‘e Filippiërs skriuwt: “Sit nearne oer yn noed”. Want de gemeente yn Filippi is berne út dy hillige lichtsinnigens. Ja, je soenen sizze kinne dat de hiele kristlike tsjerke yn Europa berne is út Paulus syn hillige lichtsinnigens. Want Filippi is de earste stêd op it fêstelân fan Europa dêr’t it evangeelje fan Jezus Kristus preke is. Paulus hie in dream hân, wêryn’t in Europeaan in berop op him die mei de wurden: “Stek oer en help ús”. Sa wienen Paulus en syn kollega Silas yn Filippi telâne kaam. Mar op in kear kaam harren in slavinne temjitte, dy’t in wiersizzende geast hie. Dy rûn harren hieltyd achternei mei lûd gerop: “Dy minsken binne feinten fan ‘e allerheechste God, se sizze jimme oan, hoe’t jimme ta behâld komme kinne”. Je soenen sa sizze: bettere reklame koe Paulus him net winskje. Mar Paulus hearde yn it razen fan dy slavinne net de stimme fan God, mar dy fan ‘e duvel. Want de alderheechste God, dêr leauwe bygelyks de moslims ek wol yn: “Allah akbar”, God is grut. Mar dat je God allinnich kenne kinne yn syn Soan Jezus Kristus, dêr wolle se neat fan witte. Mar oan Jezus Kristus kaam Paulus net ta, troch dat ge-Allah-akbar fan dat frommes. Dêrom ornearre er dy kweageast yn ‘e namme fan Jezus Kristus om út dy frou te gean.

Mar dat wie har kermisbazen fansels min nei ‘t sin. Dy fertsjinnen oan dat earne frommes in grou stik jild. Dêrom seinen se tsjin it stedsbestjoer dat Paulus en Silas besochten harren in libbenswize oan te praten, dy’t sy as Romeinen net oernimme of oanhâlde mochten. Feitliks is dat deselde taktyk as tsjinwurdich in Geart Wilders hantearret tsjin ‘e moslims: Dy minsken binne in bedriging fan ús kristlike kultuer. No, dan ha je it dien. Ek by minsken dy’t

sels sa kristlik net binne. Yn elts gefal, Paulus en Silas waarden yn it wachthûs smiten. De sipier smiet harren yn ‘e binnenste sel en sette har fuotten fêst yn it blok. Mar dat wie noch net it slimste. Want Paulus wie net allinnich mei de fuotten yn it blok setten, mar ek wie him sa de mûle snurre. Moatte je net sizze dat úteinlik de duvel it lêst en it bêst lake?

Nee. Want Paulus lei dêr hielendal net mei in mûlfol tosken, mar mei de mûle fol fan Gods lof. Om middernacht hinne wienen Paulus en Silas oan it bidden en songen loflieten ta God, wylst de oaren dy’t dêr sieten, nei har harken:

“God sil myn gemis fergoedzje,
wit myn suchtsjen, ken myn klacht,
wol by dei myn gongen hoedzje
en in liet my jaan by nacht” (Ps.42:5).

Dat liet makke dat de gefangenis op syn fûneminten stie te skodzjen. De duorren fleagen iepen en alle minsken foelen de kettingen ôf. En de sipier, út syn bêd rûgele, waard kjel doe’t er seach dat de duorren fan ‘e gefangenis wiidwaach iepenstienen. Wa soe him leauwe as hy sei dat dy duorren iepensóngen wienen? Ferlechjes! Hy soe de skuld krije. De gefangenen wienen útnaaid, omdat hy te sliepen lei. Hy hie syn swurd al lutsen en himsels omtrint tekoart dien, doe’t út de katakomben in stimme klonk: “Doch josels neat, want wie binne hjir allegearre noch!” Doe begrypte de sipier dat it krektoarsom wie as it op it each like: hy, de sipier, hy wie de gefangene, net wis fan syn libben, en sy, de gefangenen, sy wienen frijman, foar ivich wis fan har libben. Wat wie it geheim fan dy frijheid, wat wie it geheim fan dat liet yn ‘e neare nacht?

“Hearen – no net raarder: in sipier dy’t gefangenen oansprekt mei: “hearen”! – hearen, wat moat ik, slaaf, dwaan om behâlden te wurden?” En Paulus en Silas antwurdden: “Leau yn ‘e Heare Jezus, en jo sille mei jo hiele hûshâlding behâlden wurde”. Dát wie it geheim fan Paulus syn hillige lichtsinnigens: dat hy leauwe yn ‘e Heare Jezus. Dat leauwe makke blykber alles oars. Sûnder dat leauwe kinne je frijman wêze en dochs in gefangene, mar mei dat leauwe in gefangene en dochs frijman. Mar hoe krije je dat leauwe, dat je ûnoantaastber makket foar alle gefaren dy’t der mar yn ‘e wrâld wêze kinne?

Yn it âlde testamint stiet in spreuk dy’t dêr in antwurd op jout: “De namme fan ‘e Heare is in sterke toer, de rjochtfearde giet deryn en is feilich”. Miskyn ha jo wol ris yn Ierlân west. Op guon plakken steane dêr midden yn it lân tuorren. Se sizze dat dy dingen bout binne yn ‘e tiid dat de Noarmannen har rôftochten hâlden yn West-Europa. As dy delsetten kamen om te stellen wat harren foar de hannen kaam en te fermoardzjen wa’t harren foar de fuotten rûn, dan koenen de Ieren yn sa’n toer flechtsje. De yngong siet trije meter boppe de

grûn. Wie eltsenien der ynklaut, dan lutsen se de leider wer op. Gjûn Noarman dy't harren noch wat dwaan koe. No, sa is de namme fan de Heare Jezus in sterke toer, dêr't de rjochtfeardige yngiet en feilich is. De nâamme fan de Heare Jezus. Nammen binne der foar de kommunikaasje. At soan of dochter achter de computer wei moat omdat it itenstiid, ropt mem de namme fan har bern: "Gabe, ite!" Nammen binne ropnammen. Sa is ek de namme fan de Heare Jezus in ropnamme. Leauwe yn 'e Heare Jezus is mear as witte dat Hy jo Rêder is. As hy dan jo Rêder is, rop dan ek syn namme. Ik sis dat net allinnich tsjin minsken dy't hjir oars net komme, mar ek tsjin 'e minsken dy't hjir elke snein sitte. Roppe jo noch wol ris: "Heare Jezus, rêd my?" Tink jo ris yn dat jo noch in bern binne dat yn 'e sleat fallen is. Op itselde stuit dat jo ûnder wetter ferdwine sille, sjogge jo jo Heit dy't op 'e wâl omrint. Wat dogge jo dan? Raze fansels: "Heit!" Mar der binne ek kristenen dy't net raze, wylst se de namme fan 'e ienichste dy't harren rêde kin kenne. Wêrom? Omdat se harren te grut fiele en raas as in lyts bern? Tink dan noch mar ris oan dy sipier út Filippi. Hy raasde ál as in lyts bern en jeesde ál as in Ier nei syn toer.

2. No sit der al wat nuvers yn dat hillich lichtsinnige wurd fan Paulus. Hy skriuwt net allinnich: "Meitsje yn alles jimme winsken by God bekend troch bidden en smeeke", mar ek dat wy dat noait dwaan meie sûnder Him tank te bringen. Tink der om, hy skriuwt net: "Meitsje yn alles jimme winsken by God bekend troch bidden en smeeke, en as Hy dan jout wat jo bidden en smeekt hawwe, ferjit dan net Him tank te bringen". Nee, wylst wy ús winsken troch bidden en smeeke by God bekend meitsje, moatte wy Him al tankje. Is dat net nuver? Tink jo ris yn dat jo mei jo bern by de slachter steane en it bern seit al foardat it in stikje boaterhamwoarst krigen hat: "Tankewol". Dat soe dochs ûnfatsoenlik wêze?

Ja, by minsken miskyn al. Mar by God net. Wa't de namme fan syn Soan Jezus Kristus oanroppen hat, dy ken God al as in God dy't der alles foar oerhie om dy te rêden. God sei noch leaver "nee" tsjin syn eigen Soan as "nee" tsjin ús. Doe't Jezus it oan it krús útraasde: "Myn God, myn God, wêrom hawwe Jo My ferlitten?", krige er gjin antwurd, omdat syn Heit mei syn tinzen by ús wie. God hie redenen genôch om "nee" te sizzen tsjin jo, tsjin dy, tsjin my. Mar dat "nee" krige Jezus oer Him hinne. Noait hat immen sa iensum, sa deabenaud west as Hy. Mar om Jezus syn iensumens, Jezus syn angst, Jezus syn dea hoecht nimmen ea wer sa iensum en sa deabenaud te wêzen. As Jezus der net west hie, hie it motto fan ús libben wêze moatten: "Nee ha je, nee kinne je krije". Mar wa't yn Jezus leaut, dy wit dat it no oarsom is: "Ja haw ik, ja sil ik krije".

Dêrom kin Paulus ek sizze: “Meitsje yn alles jimme winsken by God bekend troch bidden en smeejken, mar noait sûnder Him tank te bringen”. Troch Jezus binne God en wy ommers wer goed? God sil der altiten foar ús wêze, net allinnich salang’t wy op dizze ierde omheukerje, mar wier altiten. Dêrom moatte wy by ús bidden ek net dwaan of wy noch mei lege hannen steane. God hat ús lege hannen just fold mei alles wat wy echt nedich hawwe. At jo jo hannen dan geardogge, doch dat dan ris hiel foarsichtich, as hâlden jo tusken jo beide hânpalmen in skat dy’t jo koesterje. Sels ast foar dyn gefoel noch in hiel soad brek bist, dy skat pakt nimmen dy ôf. At je sa bidde, kin je gebed neat oars wêze as in tankgebed. Sels dyn bidden en smeejken brûke dy taal: de taal fan ‘e tankberens. En wannearst dêrnei dyn eagen net allinnich wer iepen dochst, mar se ek iepen hâldst, wat blykt God dan in protte mei dyn gebeden te dwaan. It is wier, wat der yn ien fan ‘e Psalmen stiet:

Sa faak as ik jo heech bestjoer
bemimerje yn ‘e stille nachten
en wekker lis de lange wachten,
dan rint myn hert fan blidens oer. (Ps.63:3)

3. “En Gods frede, dêr’t wy mei ús ferstân net by kinne, sil jimme herten en jimme tinken hoedzje en noedzje yn Kristus Jezus”. Dat is it lêste dat Paulus skriuwt in ús tekst. Dat is de frucht fan dy hillige lichtsinnigens: dat Gods frede ús hert en ús tinken hoedzje en noedzje sil yn Kristus Jezus.

Hoe moatte wy ús dat yntinke, dat Gods frede ús hert hoedzje en noedzje sil? Ús hert, dat sil wol slaan op alle dingen dêr’t wy hert foar hawwe: de dingen dêr’t wy o sa bliid mei binne, de dingen dêr’t wy sa oer yn noed sitte, dat wy der gjin kant mei út kinne. Mar hoe kin ús blide of nuodlike hert ea hoede en noede wurde troch in frede dêr’t wy mei ús ferstân net by kinne?

Lês dan ek dy lêste beide wurdjes: “yn Kristus Jezus”. Gods frede sil ús hert hoedzje en noedzje yn *Kristus Jezus*. Dat seit jo miskyn noch net sa folle. Lit ik it dan oars sizze: God sil ús hert freedzje yn Kristus Jezus. No is ek dat in wurd dat net alle Friezen mear fersteane. It is in wurd út ‘e buorkerij. As in boer stikeltried om syn lân spant, dan hjit dat freedzjen. En dat stikeltried hjit – mei in geef Frysk wurd – in freding. It wurd sil wat út te stean ha mei it wurd frede. Want wie der gjin freding, dan rûnen de kij nei it lân fan buorman en dêr komt fansels spul fan. No, sa is Kristus Jezus de freding fan ús hert.

Want tink jo ris yn dat jo de frede fan God net kenne soenen – dy frede dêr’t je mei je ferstân net by kinne: dat Hij “ja” seit tsjin ús, om’t er “nee” sei tsjin syn eigen Soan – wat soe

der dan in jo hert omgean? Mei wat foar gefoel soenen jo dan yn it libben stean? Fansels, in libben sûnder God hoecht wier net ien grutte nachtmerje te wêzen (yn elts gefal nóch net). Der is in soad te genietsjen. Mar jo kinne der nimmen foar tankje, want der sit ek nimmen achter. En wat der foar dy leit? Yn elts gefal de dea. Dan libbest fan neat nei nearne. En it hânfol jierren dat dêr tusken leit? Je kinne der net mear fan sizze as dat je nea witte wat je oan it libben hawwe. Want it libben is net immen dy't je oanroppe kinne. It libben is nimmen. Ik soe dêr sljocht en ferwezen fan wurde. As je dat net wurde, dan kin dat neffens mei allinnich omdat je jin der by deljûn hawwe dat it is sa't it is en komt sa't it komt, dat je moatte der mar it bêste fan meitsje.

Ik sis net dat ik dêr noait lest fan haw. As bern wie ik stjerrende benaud om dea te gean en ek no flean ik somtiden by de muorren op fan angst. Mar dy muorren binne wol de berte, de dea, de ferrizenis en de himelfeart fan Jezus Kristus. Wêr't ik ek oer sit te stinnen, myn gedachten fleane net as in wyld oeral mear hinne. Myn tinzen hawwe har freding fûn yn myn Ferlosser, Jezus Kristus. Ik bin der wis fan dat Paulus dat bedoelt as er skriuwt: "En Gods frede, dêr't wy mei ús ferstân net by kinne, sil jimme herten en jimme tinken hoedzje en noedzje yn Kristus Jezus.

At jo dat no sa net kenne, doch dan wat Paulus skriuwt yn it foarige fers: meitsje dyn gedachten troch bidden en smeeke by God bekend. Want as de muorren op dy ôfkomme, meist dochs leauwe dat it dak derôf is. Jo meie libje ûnder in iepen himel. Allinnich dat is al genôch om dyn smeekebed mei wurden fan tank oan God te begjinnen. Ja, tankje Him foar alles dat er dy in Kristus al jûn hat. Neam it allegear yn dyn gebed mar ris op. Net omdat God dat noch net witte soe, mar omdatst it self net altiten witte wolst. Troch te tankjen meitsje je net allinnich Gods leafde by Him bekend, mar ek by josels. Sa't it yn in Psalm stiet:

O Hear, ûntelber wienen
de wûnders dy't Jo dienen!
Wa komt se oait benei?
As ik se neame woe,
as ik se telle koe –
ik rekke deryn wei. (Ps.40:2)

Ik tink dat dat it moaiste is dat ús oer komme kinne: weireitsje yn Gods wûnders, yn stjerren èn yn libben. Dat winksje ik jo fan herte ta.

Amen.